FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Itens/Drachten, 18-09-2005

Underwerp: *Lykweardigens en lykberjochtiging fan it Frysk; koarte notysje by punt 5 fan de wurklist fan de kommisje* Boarger en Mienskip *(provinsjehûs) op 21-09-2005*

Achte Steateleden,

Yn oansluting by eardere stikken fan ús kant oer de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk wolle wy jimme it neifolgjende witte litte:

> *Mei de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk giet it net goed. Foarútrinnend op de publikaasje fan de resultaten fan resint ynspeksje-ûndersyk yn basis- en fuortset ûnderwiis falt dat wer te konstatearjen.*

As wy wolle dat it Frysk as kultuer- en omgongstaal yn it deistich libben takomst hat, dan sil der fiks wat barre moatte op provinsjaal beliedsnivo en yn de praktyk fan de skoallen. Fan it ryksregear (mei ferantwurdlik foar it Frysk) is eins op dit stuit neat te ferwachtsjen, sjoen de hâlding fan minister Van der Hoeven yn de Earste Keamer yn debat mei senator Ten Hoeve oer de kwaliteit fan it ûnderwiis (yn it Frysk). De minister stekt yn op *autonomy* foar de skoallen en seit gjin steatspedagogyk bedriuwe te wollen. Moai sein, mar sa'n útspraak op himsels is al steatspedagogyk yn optima forma, omdat de skoallen ommers ek al (publikelik) ôfrekkene wurde op taalresultaten (= Hollânsk) en rekkenjen. De autonomy fan it ûnderwiis dêr't se har op beropt, stiet de *emansipaasje* fan it ûnderwiis yn it Frysk, needsaaklik nei jierrenlange represje, yn 'e wei. Dat kin dus net samar oan de skoallen sels oerlitte wurde.

Wat wurdt troch de provinsje útsteld?

> *Neist it ûntwikkeljen fan nij materiaal foar it fak Fryske taal en kultuer, ferleging fan it nivo fan de kearndoelen Frysk (basisûnderwiis).*

Argumint: *realistysk* oanslute kinne by de praktyk yn de skoallen (der wurdt op de measte skoallen eins neat fan betsjutting dien). En dan mar hoopje dat de skoallen no mei nocht de saak oanpakke. De besteande kearndoelen soene te heech gripe en net te heljen wêze.

Beswieren fan ús kant:
1. Ferkeard sinjaal. It fak wurdt minder wichtich.
2. Der sil noch minder oan it Frysk dien wurde.
3. Der wurdt yn parse en diskusjes hieltiten praat oer *skoal*differinsjaasje (Ljouwert in lichter pakket), wylst yn it rapport fan de kommisje 'Herziening doelstellingen', prinsipieel keazen is foar differinsjaasje op *learlinge*nivo. Ek yn Ljouwert moatte Frysktalige bern in folslein programma (ek *skriuwen*) krije kinne. Mei it each op de sprieding fan talichheid yn de hiele provinsje is it nedich om op *alle* skoallen it hege ambysjenivo oan te hâlden.
4. Foar gjin inkeld oar fak wurde doelstellings nei ûnderen bysteld, mar wurdt besocht om de praktyk te ferbetterjen.
5. Taalpolityk sjoen lit de provinsje mei sa'n beslút de prinsipiële lykweardichheid en lykberjochtiging fan it Frysk oan it Hollânsk falle.

Ferskil yn útgongsnivo tusken bern op de skoallen moat - sa as ek by alle oare fakken - beäntwurde wurde mei *adaptyf, ûntwikkeljend* ûnderwiis. Kearndoelen binne *ferplichte* doelen om yn it *oanbod* (it *wat*) fan de skoallen op te nimmen ('streefdoelen'), mar it is net sa dat alle bern ek it heechste nivo berikke moatte as dat

ped.-didaktysk *net mooglik is*. By oare fakken is dat net oars. Der is fanwegen de ferskillen tusken de bern en skoalsituaasjes gjin inkelde reden om - sawol yn ’e stêd as op it plattelân - it ambysjenivo leger te stellen, omdat alle bern de gelegenheid krije safolle te learen as se oankinne.

It soe ***ûnrealistysk*** wêze om in proses yn wurking te setten om it Frysk yn it ûnderwiis oan te taasten troch it *ambysjenivo* (normale twataligens en yntegraal taalûnderwiis) nei ûnderen ta by te stellen, wylst der gjin inkeld bewiis is dat soks de saak goed docht.

Wêr is de ferantwurdlikheid fan de Steaten fan Fryslân?

Foar de *Feriening Frysk Underwiis,*

drs. T. Dykstra (foars.) en drs. S.T. Hiemstra (skr.)

Foar de *Ried fan de Fryske Beweging,*

drs. J. van der Bij

Bylage: *Lykweardigens yn kearndoelen foar de Fryske taal en kultue*r, d.d. 19-09-2005, as taljochting by dit stik as der ferlet is fan mear ynformaasje oer ús stânpunt.